



**BRÚN KAFEE DÛBEL D**  
(Bruin cafe dubbel D)

**Kluchtich blijspul yn trije bedriuwen**

**Fan**

**EVELIEN EVERS**

**Fryske bewurking fan**

**Roel Klijnstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BRÚN KAFEE DÚBEL D – BRUIN CAFE DUBBEL D** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **EVELIEN EVERS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**Durkje** - Tusken de 40 en de 50 jier. Fleurich frommis. Bliuwt kalm. Kreas klaaid. As se “ja, ja” seit, bedoelt se nee.

**Dieuwke** - Tusken de 30 en de 40 jier. Suster fan Durkje. Wat fleuriger klaaid. Lit har de tsiis net fan it brea ite.

**Bearn Deun** - Boer fan begjin 50. Nei alle gedachten is “Deun” syn bynamme, want hy is ferskuorrend sunich. Is ek oan syn klean te sjen, alles is krekt wat te krap.

**Harm** - Motorrider, tusken de 25 en de 40 jier. Frijgesel. Kin slim oerdriuwe, hy leaut sels ek wat hy seit.

**Kees de Winter** - Man fan kwizekwânsje. Tusken de 40 en de 55 jier. Komt net út de omkriten.

**Hinke** - Frou fan Kees, tusken de 35 en de 55 jier. In dame.

**Minke** - Freondinne fan Hinke. Selde leeftyd. Keunstenaresse, wat eksintryk. Is drokker mei har hûntsje, as mei de wrâld om har hinne.

**Evert-Jan**- Tusken de 60 en de 70 jier. Mei graach in slokje. As hy nochteren is, hat hy wol humor. Hat hy tefolle hân, dan sjongt hy.

**Sytske**- Frou fan Evert Jan, ek deselde leeftyd. Mei sels ek wol in slokje. Gjin maklike tante, siket ivich om har man.

**Rein**- Tusken de 45 en de 65 jier. Eigenwiis, mar net sa snoad. Hat altyd gelyk, ek as hy gjin gelyk hat.

**Finy**- It hûntsje fan Minke. In lyts hûntsje. Tige bedoarn, hat elts bedriuw in oar jaske oan.

## **DEKOR:**

Taap mei krukken.

Kofjesetapparaat.

Doar efter de bar.

Bûtedoar.

Doar nei de toiletten.

Twa ruten mei oergerdinen.

Stamtafel mei stuollen.

Lytse taffeltsjes mei stuollen.

Âlde hutkoffer.

Kapstok.

Alles wat nedich is om der in gesellich kafee fan te meitsjen.

## EARSTE BEDRIUW

(Moandaitemiddei. Se binne oan it skjinmeitsjen)

**Durkje:** (*Is efter de taap dwaande*) Wat hienen wy juster in wille om dy Bearn Deun, net?

**Dieuwke:** Hat hy altyd sa'n nepert west, of is dat wat fan de lêste jierren?

**Durkje:** Ik ha him noait oars meimakke.

It is by him in spultsje fan: In hûn mei in bonke, dy kin gjin freonen.

**Dieuwke:** Dy man hat ommers jild by de bult.

Dat hiele stik, dêr't no dy hûzen op boud binne, wie ommers ek fan him.

**Durkje:** En noch hat hy in bêste buorkerij.

Ast' de minsken op it doarp leauwe meist, hat op syn minst in miljoen op de bank.

**Dieuwke:** Mei it boerespul en alle grûn der by.

**Durkje:** Syn âlden joegen ek noait in sint út. Syn heit hie sels regele, dat nei syn begraffenis, eltsenien fersocht waard, om yn stilte wer nei hûs ta te gean. Noch gjin kop kofje koe it lije, lit stean fan in stik koeke of in broadsje. En dat is hir dôchs wol wenstich. Hy moat sein ha: It is net nedich, dat dy minsken harren fan ús jild fol frette.

**Dieuwke:** Dêr meitsje jo fansels gjin freonen mei. Mar dat hoecht op sa'n stuit ek net mear.

**Durkje:** (*Laket*) No moatst ophâlde, Dieuwke.

Syn âlde mem komt inkeld de doar noch mar út om nei tsjerke ta te gean. En ast sjochst wat se dan oan hat..... It koe sa út it iepenloftmuseum komme.

**Dieuwke:** Fan Bearn kinst ek net sizze dat hy mei de moade mei giet.

**Durkje:** Dat pak dat hy meastal oan hat, is op syn minst tritich jier âld.

**Dieuwke:** En hy wie doe op syn minst ek tritich kilo lichter.

**Durkje:** As hy alle knopen ticht makket, kin hy kwaliks sykhelje.

**Dieuwke:** Wat sûnde, safolle jild hawwe en der neat mei dwaan.

**Durkje:** Woe hy ús der mar wat fan mei jaan. Sa as wy der no foar steane, wiist it net bêst. Wacht ris.... Ik leau, ik wit al wat. Hy is noch frijfeint. Broers en susters hat hy ek net. (*Pleagjend*) Neat foar dy? Do witst, wat in goed karakter as hy hat. (*gebaar fan jildtelle*)

**Dieuwke:** Al soe hy knaken skite, dan woe ik him noch net hawwe. En wat syn leeftyd oan giet, past hy ek better by dy.

**Durkje:** No nee, tankewol. Mar ast' sjochst hoe't hy mei syn hûn om giet, dan is hy sa min noch net.

**Dieuwke:** No dan. Gromme kinst al. En it blaffen dêr kinst noch wol yn byleare.

**Durkje:** Neffens my fregest der om, datst in glês wetter yn de snút krigest. (*driget mei in glês*)

**Dieuwke:** Elts doarp hat ommers syn types. Se sizze wol ris, der binne gjin doarpsgekken mear. Mar dan ha se hjir noch noait west. (*Lûd fan in motor. Dieuwke sjocht troch it rût*) Dêr komt Harm oan. Ek sa'n typyske frijfeint. Troud mei syn motor en altyd mei syn fantasij op de rin.

**Durkje:** Hy komt oars alle sneintemiddeis del, mar juster ha ik him net sjoen. Wie der faaks in race op de tillefysje? Want dan sjochst him ek net.

**Dieuwke:** Ast' dy fersiere wolst, moatst gjin parfum, mar benzine efter de earen dwaan.

**Durkje:** Dat is noch net it slimste. Mar hy makket alles altyd sa ferrekte spannend.

**Dieuwke:** En motorride kin hy ek net. Hy sit der altyd sa't hy it neamt op syn Dútsk op. As hy troch de bocht giet, hinget hy skeef, mar de motor net.

**Harm:** (*Komt yn, yn motorklean, helm ûnder de earm*) Moarn, froulju. Goed wykein hân?

**Dieuwke:** It hat hjir wol ris drokker west.

**Harm:** Sûnt der yn de hoareka net mear smookt wurde mei, wurdt it oeral minder.

**Dieuwke:** Wy hâlde de kop der foar. Wy sjogge wol, wêr't de wâl it skip keart.

**Durkje:** Wy ha dy mist justermiddei.

**Harm:** Juster wie ik yn Dútslân, op de Neurenberg ring.

**Dieuwke:** Wat moasto sa fier fan hûs. Wie dêr in race?

**Harm:** (*Stoer*) Nee, ik moast efkes witte, hoe hurd as myn nije motor wol.

**Dieuwke:** (*Knypeaget nei Durkje*) En, wat koest op de teller toverje?

**Harm:** (*Giet sitten foar in wiidweidich ferhaal*) No, dat sil ik jim fertelle. De earste trije rûntsjes moast ik efkes wenne. Nije motor, frjemd parkoers..... Mar doe krige ik de guit. In snelheit, sil ik jim fertelle..... Net gewoan mear. Nei in stik as seis rûntsjes, tocht ik by mysels: Wat sjoch ik dêr dôchs foar my? Ik seach noch in kear, en ja, hear. Ik hie it goed sjoen. Ik tocht: dy ken ik!

**Dieuwke:** Wa wie it? Wa seachst dêr foar dy?

**Harm:** Ik ried sa aller-almachtichste hurd, dat ik my sels yn de rêch seach.

**Durkje:** Ja, ja. *(Kin it laitsjen amper litte. Evert- Jan komt troch de efterdoar yn. Hat al in moai stik yn syn kraach, hy sjongt in dronkemans liet. Net moai, mar wol hiel lûd)*

**Dieuwke:** Do bist wer aardich op skik, Evert- Jan. Sytske is grif fan hûs?

**Evert-Jan:** Dat hast goed sketten, leave. Se hie de kaai fan de kelder net meimommen. En lit dêr no krekt noch in flesse jonge kleare stean. Ik sei: Gean dêr wei, oars nim ik dy mei. Mar hy bleau stean. Der siet mar sa'n lyts bytsje mear yn. *(Tsjut tweintich sintimeter oan)* Ik tocht by my sels, dêr kin ik gjin glês foar smoarch meitsje. Hik..... Doe ha 'k him mar oan de strôt set. Mar dat foel my wol ôf.

**Dieuwke:** Hast dy der yn ferslokt fansels.

**Evert-Jan:** Nee, dat der net mear yn siet..*(Begjint wer te sjongen)*

**Dieuwke:** Klanten lyk as dy, dêr ha ik neat oan. Mar ast' dy de kop hâldst en rêstich sitten giest meist in kop kofje bestelle. *(Evert-Jan giet oan de stamtafel sitten)* En, Harm, wat woesto bestelle?

**Harm:** Doch my mar in Cola. Ik moat noch ride. *(Begjint op syn helm te trommeljen. Nei in hoartsje begjint Evert-Jan mei te sjongen. Earst súntsjes, mar hieltyd lûder)*

**Dieuwke:** Evert-Jan, ophâlde te âljen, hie ik sein. Wolst in kop kofje, of moat ik dy sa de doar út sette.

**Evert-Jan:** It is Harm syn skuld.

**Harm:** Wat sille wy no ha? *(Hâldt op mei trommeljen)* Ik kin der dôchs neat oan dwaan, datsto begjinst te galmjen?

**Evert-Jan:** Do joechst de maat oan.

**Harm:** Ik hie it witte kind. Ik ha muzikale talinten.

**Dieuwke:** *(Jout Harm syn Cola, dan tsjin Evert-Jan)* Do meist hjir dyn kopke kofje opdrinke. Mar do hâldst dyn kiezzen op elkoar.

**Evert-Jan:** Dan kin ik ommers net kofjedrinke.

**Dieuwke:** Do witst, wat ik bedoel, net? Hjir, dyn kofje.

**Evert-Jan:** Dieuwke, ik sil net mear sjonge en kreas tankewol sizze foar de kofje. Dat is al hiel wat, want einliks hie ik leaver in jonge kleare.

**Dieuwke:** Do witst, hoe't it hjir giet, no? Ien dy't genôch hân hat, kriget fan ús net mear.

**Harm:** Ja, Evert-Jan, Durkje en Dieuwke binne strang mar rjochtfearlich. *(Evert-Jan sit mei syn koekje yn de kofje om te griemen)* Witte jimme al, dat de âlde hear Demkes hjoed te hôf brocht wurdt?

**Dieuwke:** Och ju. Libbe dy dan noch?

**Evert-Jan:** *(Hat der in fikse bargeboel fan makke)* No yn alle gefallen net mear.

**Dieuwke:** Hy wie op syn minst wol 97 jier.



**Harm:** As hy noch gjin hûndert wie.

**Dieuwke:** Dat hie ik dan grif wol yn de krante sjoen.

**Harm:** Der sille grif net folle minsken komme. Hy hie gjin bern, Allinne in broer, mar dy wie folle âlder as hy. (*Evert-Jan sit te slûgjen*)

**Dieuwke:** Sa giet dat as jo âlder wurde, dan ha jo op it lêst gjin ien mear. (*Evert-Jan knikt foaroer, hy rekket it kopke krekt net*)

**Harm:** Bearn Deun sil grif wol wer fan de partij wêze.

**Dieuwke:** Dêr kinst wol steat op meitsje. Gjine begraffenis, of Bearn rint mei. (*Evert-Jan begjint sêft te snoarkjen*)

**Harm:** Wêrom docht hy dat dôchs altyd? Ik kin my fleuriger dingen betinke. Ik fyn soks altyd mar in deade boel.

**Dieuwke:** It skeelt him it middeisbrochje, moastst tinke.

**Harm:** Ik wit dat hy sunich is. Mar dat hie ik net fan him tocht. (*Evert-Jan begjint hieltyd lûder te snoarkjen. Durkje komt troch de efterdoar yn*)

**Durkje:** As ik it foar it sizzen ha, hear ik him dôchs leaver sjongen.

**Dieuwke:** Bin ik net mei dy iens. Sa kin hy better wize hâlde.

**Durkje:** (*Giet by him stean*) Wy moatte him dôchs mar wekker meitsje. Oars wurdt ús it mannewaar opsein, as Sytske komt.

**Dieuwke:** (*Njonken har*) Want dy tinkt fansels, dat wy him dronken board hawwe.

**Harm:** (*Mei de holle tusken harren yn*) Sytske wol dy wekker meitsje!

**Evert-Jan:** (*Skrikt, stjit yn panyk de kofje om*) Nee, Sytske, ik sil it net wer dwaan.... (*Lilk tsjin Durkje*) Minske, hoe kinst my sa kjel meitsje. Ik hie fan skrik myn gebit wol trochslokke kind!

**Harm:** Do kinst fan skrik wol nofteren wurde.

**Durkje:** Sjoch no ris, wat in binde ast der fan makke hast. En dan ek noch it lef hawwe om sa tsjin my út te fallen? Wy kinne dy mar better op de stoepe sette.

**Dieuwke:** Do meist dan benaud wêze foar Sytske, mar dan kinst ús noch net. (*Evert-Jan besiket mei syn smoarge bûsdoek de rommel op te romjen*)

**Bearn:** (*Komt yn*) Goemiddei.

**Allegearre** Goemiddei, Bearn.

**Harm:** Man, wat sjochst der út. Do likest wol in swarte ka.

**Durkje:** Ast' mar net begjinst te krassen as in swarte ka. Wy hawwe Evert-Jan hjir al, dat is ús genôch.

**Harm:** By ús yn de beammen sitte ek fan dy kringen te razen en dat giet der om wei! Wy hawwe der al barsten fan yn de ruten.

**Durkje:** Ja,ja.

**Bearn:** (*Droech*) Dêr hoege jimme by my net oer yn te sitten. Ik kom krekt fan de begraffenis. Moaie tsjinst. Der wie ek nearne op

besunige. Lekkere broadsjes, mei ham en tsiis. En krintebôle. Allegearre mei boerebûter.

**Dieuwke:** Ik hear it al. Dyn wike kin net mear stikken.

**Bearn:** Der wie gjin nee te keap. De neven en nichten hienen nearne op besparre. En in moaie kiste..... Hy lei der ek sa moai by.

**Evert-Jan:** (*Tinkt nei*) Ik mei dan sa ûnsjoch wêze as grouwe flokken, ik stean der dôchs mar leaver njonken. (*Tillefoan rinkelt*)

**Dieuwke:** (*Nimt op*) Brún kafee Dûbel D, mei Dieuwke.....Ah, Sytske..... Oft Evert-Jan hjir is? (*Hân oer de heak*) Bist hjir? (Evert-Jan skoddet ferheftich fan nee) Nee, hy is hjir net..... Do seachst syn fyts hjir stean? Dan wit ik it ek net mear. Ik freegje it noch wol in kear. Evert-Jan, bist hjir? (*Hâldt him de hoarn foar*)

**Evert-Jan:** (*Lûd*) Nee, ik bin hjir net!

**Dieuwke:** Dan binne wy der no wis fan: Hy is hjir net. Dei, Sytske. (*Wy hearre Sytske noch tetterjen, wylst Dieuwke ophinget*)

**Durkje:** Sa, ik leau net, dat it no noch nedich is om dy bûten te setten. (*Evert-Jan stadich nei de doar, wylst Dieuwke syn rotsoai oprommet. Durkje giet foar de doar stean*) Wat soest der fan sizze om te beteljen?

**Evert-Jan:** Betelje? Ik ha gjin slok fan dy kofje hân.

**Harm:** Hiest better mei Bearn nei de begraffenis gean kind. Dan hiest de kofje fergees krigen.

**Bearn:** En dan hiest der ek noch broadsjes by krigen. Mei echte boerebûter.

**Evert-Jan:** (*Rommelt yn syn beurs*) Ik ha mar ien euro tweintich. (*Jout dat oan Durkje*)

**Durkje:** Dat is net sa moai. Do hast wol foar tsien euro rotsoai makke.

**Harm:** Witst wat, Evert-Jan? Ik pas it oare wol by. Ik ha dôchs jild genôch. Faaks wol like folle as Bearn.

**Durkje:** Ja, ja.

**Evert-Jan:** Ik wol foar it oare ek wol in ferske sjonge.

**Durkje:** Yn de goedichheid, lit mar sitte. Gean no mar, foar dat Sytske dy ophellet.

**Evert-Jan:** Tankewol, Durkje. Do bist in goed minske. (*Of troch de kafeedoar. Dieuwke bringt de rommel nei efteren*)

**Harm:** Kin ik noch in Cola bestelle?

**Durkje:** Okee, Harm. En Bearn? Woest ek wat bestelle, of komst hjir om út te rêsten?

**Bearn:** Nee, ik wol wat bestelle. Us mem wurdt nije wike 85 jier.

**Harm:** Myn skean-efter-oer-muoike is ferline wike 115 jier wurden.

**Durkje:** Ja, ja. (*Pakt in notysjeblok*)

**Harm:** 85 jier. In moaie leeftyd. Hâlde jim it hjir yn de seal?

**Bearn:** Nee, dat wurdt ús te djoer. Wy hâlde it thús.

**Durkje:** (*Oan de stamtafel*) Sis it mar, Bearn, wat hiest tocht. Waarm en kâld buffet?

**Bearn:** (*Giet der by sitten*) Nee, ik woe allinne mar drinken bestelle.

**Harm:** Dat is by de Poiesz dôchs folle goedkeaper?

**Bearn:** Wy hawwe altyd buorlju west. En ús mem seit: Dêr meie wy net oan foarby gear.

**Durkje:** Mar wêrom komst dan om te bestellen. Komt der safolle bisite?

**Bearn:** Nee, mar ik tocht: Dan kinne jim der in bytsje rekken mei hâlde. Oars sitte jimme oan it ein fan de wike sûnder foarrie.

**Durkje:** (*Pinne yn de oanslach*) No, lit mar komme dan.

**Bearn:** Fjouwer fleskes bier, in flesse ranja en in flesse wyn.

**Durkje:** (*Skriuwt mei folle fertoan*) No, dat is net min. Dat sil my in feest wurde!

**Harm:** Meist der wol om tinke, dat jim net te folle lawaai meitsje.

Oars moatst ek noch in hinderwet fergunning oanfreegje.

**Durkje:** Ja, ja. Oars ek noch wat, Bearn?

**Bearn:** Nee, sa kin it wol ta. En dy wyn, dy hoecht net sa djoer te wêzen. Dy is foar de froulju.

**Durkje:** (*Oerein, leit it boek fuort*) En wolst no ek noch wat drinke?

**Bearn:** Nee, want ik ha it lytsjild yn de tsjerke yn de kollekeskaal dien. Dat heart sa. As jo dat net dogge, sjocht elkenien jo oan.

**Durkje:** Do meist hjir ek wol mei grut jild betelje.

**Bearn:** Nee, dat doch ik net, want ik ha allinne mar in briefke fan hûndert.

**Durkje:** Dat kin ik bêst wikselje, hear.

**Bearn:** Dat fyn ik begrutlik. Ast' grut jild oanbrekst, is it samar op.

**Harm:** Soe ik ek net dwaan, as ik dy wie. Grut jild kreas yn de knip hâlde, sa tink ik der ek oer.

**Bearn:** Wat soesto no fan jild witte, dat hasto noait hân.

**Harm:** Ik wit likefolle fan jild, as do fan wille meitsjen.

**Bearn:** Dy't der syn hiele libben hurd foar arbeide hat, lit it der net samar by troch gear.

**Harm:** Wolst net sokke fize wurden sizze? Arbeidzjen, wurk.....

**Bearn:** Wurk is in nommele tiidsbesteging. Dy't it dwaan kin, mei der grutsk op wêze.

**Harm:** No moatst ophâlde. As ik it wurd hear, rint my it swit al út it hier.

**Bearn:** Moatsto net oan it wurk? It is hjoed in gewoane wurkdei.

**Harm:** Ik sit yn de syktewet.

**Bearn:** En wat mankearret dy dan?

**Harm:** Dat hoech ik moarn pas te witten. Dan moat ik nei de bedriuwsdokter.

**Kees:** (*Komt yn*) Goemiddei.

**Allegearre:** Goemiddei.

**Kees:** Lit ik my earst efkes foarstelle. (*Fûstket mei Durkje*) Kees de Winter is de namme.

**Durkje:** Ik bin Durkje.

**Kees:** Bêste mefrou, ik bin jo nije buorman. Wy, myn frou en ik, hawwe dat buorkerijke hjir tsjin oer kocht.

**Bearn:** Ah, dat âlde spultsje fan Wilkes.

**Harm:** Jo kinne it bêste mar in grut gat der lyk foar grave litte.

**Kees:** Foar in wetterpartij?

**Harm:** Nee, dan kinne jo dy âlde keet der sa yn skowe.

**Durkje:** Dan binne jo no yn de kunde kommen mei Harm. Hy mei graach oerdriuwe.

**Kees:** (*Fûstket mei Harm*) Tige nei't sin. Ik bin Kees. (*Tsjin Durkje*) No't wy dôchs buorlju binne, bin ik gjin jo mear, mefrou.

**Durkje:** Neffens my is mefrou fan'e moarn op bêd bleaun. Ik ha har teminsten noch net fernommen.

**Kees:** Wat moat ik dan sizze?

**Durkje:** Gewoan Durkje. Sa hjit ik, dus wêrom sille jo my oars neame. (*Kees wol Bearn in hân jaan, Harm giet der gau tusken yn stean*)

**Harm:** Dat soe ik net dwaan, as ik jo wie.

**Kees:** Wêrom net?

**Harm:** As Bearn ien kear wat beet hat, kin hy it mar min wer los litte.

**Bearn:** Ik mei dan sunich wêze, ik bin wol earlik. En ik wurkje hurd foar myn jild. Dat kin fan dy net sein wurde.

**Kees:** (*Fûstket mei Bearn*) Tige nei't sin. Jo wenje hjir ek?

**Bearn:** Ja, hear, ik wenje dêr op de hoeke. Yn dy grutte pleats. En wannear sille jo buorskip meitsje?

**Kees:** Buorskip meitsje?

**Bearn:** Ja, dat is hjir tradysje. Wa't him hjir yn it doarp nei wenjen set, moat buorskip meitsje. Dat betsjut, datst de neiste buorren útnoegest foar in kop kofje. Of in slokje, dat mei ek.

**Harm:** Ja, lyk as se hjir sizze: In huppelwetterke heart der by. En it glêst hoecht allinne fan boppe mar fol.

**Evert-Jan:** (*Komt yn, hat dat lêste noch krekt heard*) Ik leau, ik bin krekt op tiid.

**Durkje:** (*Tsjin Kees*) En dat is Evert-Jan. (*Tsjin Evert-Jan*) Ik miende, datsto nei hûs ta soest.

**Evert-Jan:** Dat soe ik ek. Ik wie al healwei de tsjerke. Mar doe fernaam ik, dat ik in lekke bân hie.

**Durkje:** Sil ik in fytspomp helje?

**Evert-Jan:** Sa slim is it no ek wer net.

**Durkje:** Is dy bân no wol lek of net.

**Harm:** Heal sêft. Lyk as Evert-Jan sels.

**Dieuwke:** (*Komt op mei in blêd mei koppen. Bliuwt efter de taap en rommet op*) Sa ha jo twa klanten en sa binne der fjouwer.

**Durkje:** (*Synysk*) Ik ha al in heale kop kofje en twa glêzen Cola ferkocht.

**Dieuwke:** No ju, dat huft der yn. De saken rinne as it spoar.

**Bearn:** En ik ha in bestelling dien foar nije wike.

**Durkje:** Fjouwer fleskes bier, in flesse ranja en in flesse jittik.

**Bearn:** Wyn. In flesse wyn, dat ha ik dúdlik sein.

**Dieuwke:** Dat giet goed. Kinne wy dizze wike fierder ek wol fakânsje hâlde.

**Durkje:** (*Tsjin Kees*) En dit is de oare D.

**Kees:** (Oerein, fûstket mei Dieuwke) Kees de Winter, de nije buorman.

**Dieuwke:** Kinne wy simmers frij nimme, want dan wenje wy hjir by De Winter. Tige nei't sin, ik bin Dieuwke.

**Bearn:** Wêr sille jimme dan by't simmer wenje?

**Dieuwke:** Ferrassing, Bearn. Rêstich ôfwachtsje. (*Tsjin Kees*) Dus, jo komme buorskip meitsjen.

**Kees:** Moat ik hjir dan ek buorskip meitsje?

**Dieuwke:** Wy wenje wol it tichtste by.

**Bearn:** Dat binne wy hjir sa wol wend. Teminsten, as jo yn de mienskip opnommen wurde wolle.

**Evert-Jan:** It hoecht fansels net, mar dat giet dan wol tsjin alle tradysjes yn.

**Kees:** It liket my skoan ta, ik bin wol in man fan tradysjes. Efkes wachtsje, dan sil ik myn knip helje.

**Harm:** Ja, goed hear, wy wachtsje wol.

**Evert-Jan:** Ik bin ek net te beroerd om foar in buorrel te wachtsjen. (*Kees ôf*)

**Durkje:** Jim pakke it frijwat ûnbeskoft oan, hear.

**Dieuwke:** Mar it wurket wol.

**Bearn:** It sil my neidwaan, oft hy weromkomt.

**Harm:** Se hjitte net allegearre fan Deun.

**Bearn:** As ik wat ûnthjit, dan doch ik dat ek.

**Harm:** Mar spitich, datst noait wat taseist..

**Bearn:** Ik leau net, dat dy man him hjir thúsfiere sil. Dy set gau wer ôf, tink om myn sizzen.

**Dieuwke:** Ik tink, at hy oer in moanne as wat drok oan it ferbouwen is. Dy is net fan doel om hjir wer wei te gean. Witst wat? Ik doar der wol in fertarring tusken te setten. Teminsten, asto ek doarst.

**Bearn:** Dat doar ik wol oan. Dy bliuwt hjir net, dat sjoch ik sa.

**Dieuwke:** Ôfpraat. As der trije moanne om binne, bring ik it dy wol wer yn it sin.

**Bearn:** Dat hoecht net. Tsjin dy tiid kom ik dy buorrel wol opheljen. Mar hy moat no net te lang weibliuwe. Ik wachtsje noch fiif minuten en dan gean ik nei hûs.

**Durkje:** Wat bist branderich. De dei is no ommers dôchs al stikken.

**Bearn:** Ik ha strie oanbean op Marktplaats. Dy lju soenen it om healwei trijen ophelje.

**Dieuwke:** Wat hear ik dêr? Hasto in computer en ynternet? Wat kostet dat allegear wol net.

**Bearn:** Dat hat myn buorfamke foar my ynoarder brocht. En dat kostet neat. (*Drokte by de kafeedoar*)

**Evert-Jan:** (*Panikerich*) As dat Sytske is, bin ik der west..... Wêr kin ik sa gau hinne? (*Ferskûlet him efter it gerdyn. Foar it publyk noch krekt te sjen*)

**Hinke en Minke:** (*Komme yn*) Goemiddei.

**Allegearre:** Goemiddei. (*Dit giet wat rommelich. Harm en Bearn fol belangstelling. Benammen Bearn gappet Minke mei iepen mûle oan*)

**Hinke:** Meie wy wol sitten gean? In taffeltsje foar trije graach. Myn man komt sa, wy soenen al fêst in taffeltsje útsykje.

**Durkje:** Jo meie sitten gean wêr't jo wolle. (*Se geane oan in taffeltsje sitten, ticht by it gerdyn dêr't Evert-Jan efter stiet. Minke nimt Finy op 'e skurte*) En, dames, wat mei it wêze?


**Hinke:** No, ik kin wol in read wyntsje ha.

**Minke:** Foar my ek mar in read wyntsje. Dat fine wy wol lekker, no Finy?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**